




Sneon 16 maart 2024 hâldt It Keninklik Frysk Boun om Utens syn jierlikse

Algemeine Gearkomste (AG) en de Moetings- & Ynspiraasjemiddei

diskear by de Fryske Krite'Waling Dykstra' yn Meppel.




Eala,

Lokwinske mei it 125-jierrich bestean fan ús selskip. Ja, minsken, it is wol in lokwinsk wurdich. Fan alle mear as 200 Fryske krite dy't der bûten Fryslân, yn Nederlân en rûnom yn 'e wrâld, bestien hawwe, hat it Frysk Selskip Swol it it langst folholden. Us selskip is de âldste, noch besteande, Fryske krite bûten Fryslân.

No, sa kin it wol ta mei de grutsprekkerij! Dat stiet ús net te priizgjen. En it past ek net by ús. Wy hâlde net fan swetse en swarre. Wy binne minsken fan doch mar gewoan, dan dochst al gek genôch. Wy binne gjin loftfytsers en bliuwe it leafst mei beide fuotten op 'e (Fryske) grûn. Lykwols, as jo yn dit krantsje de skiednis (yn in nutedop) lêze, dan binne der yn 'e ôfrûne 125 jier wolris nuvere kaprioalen úthelle en doarsten 'wy' bytiden ek hiel wat oan.

Mei opsetsin sis ik 'wy'. Dêr bedoel ik net allinne de bestjoersleden mei, dy't it selskip troch de jierren hinne hân hat, mar ek de leden dy't de skouders der ûnder setten om it selskip op fuotten te hâlden. Mei-inoar hawwe wy soarge foar in libben en sûn selskip, al wie it bytiden ek op stjerren nei dea. Wy hâlden de kop der foar en setten troch. Dêrom wurde yn it stikje skiednis, útsein fan in stikmannich artysten, ek gjin nammen neamd. Om't wy it mei-inoar dogge en mei-inoar it jubilearjende Frysk Selskip Swol foarmje. In selskip dat geandewei lytser wurdt, mar dêr tinke we no net oan. Want no is it feest!

Jan Bosgraaf
(foarsitter)



Sa begûn de skriuwer it 'Kwat forslach fan 'e gearkomsten (gewoane) hâlden op 'e 11^e en de 25^{ste} fan Sprokkelmoanne en fan 'e Iepenbere Gearkomste op 'e 18^e fan Foarjiersmoanne.'

Dêrmei sette de skiedskriuwing fan it 125-jierrich Frysk Selskip Swol yn 1899 útein. In tige nijsgjirrige skiednis mei opgeande en delgeande tiden, hichte- en djiptepunten, argewaasje en strideraasje, kostlike anekdoates en tiden dat it gie dat it slydjage. Yn it mânske argyf is hiel wat fan de skiednis bewarre bleaun.

Yn it boek(je) 'Hundert jier Frysk Selskip Swol' is de earste iuw fan it selskip wiidweidich beskreaun. Safier giet it yn dit krantsje net. It beheint him ta in tal nijsgjirrige foarfallen en situaasjes yn de ôfrûne 125 jier.

(ferfolch op side 3)

(ferfolch fan side 18)

En net te ferjitten de boekeferkeap en de hannel yn Fryske snypsnaren en snústerijen. Jierren oanien tûgen bestjoersleden mei doazen fol nije en healsliten Fryske boeken. Om nei ôfrin fan de jûn fierwei de measte boeken wer mei nei hûs te nimmen. Der siet eins fierstentemin hannel yn, mar it tsjinne de goede saak; de Fryske taal behâlde en trochjaan.

Op 13 desimber 2008 holden we foar de earste kear in krystmiel, dêr't û.o. 'Sânman & Sikke' en it Frysk Sjongkoar Swol in pear kear oan meiwurken.



Krystmiel 2011. Se kinne mar oanskowe.

It koar waard yn 2003 oprjochte en stiet los fan it selskip. Mar selskip en koar wurkje treflik mei-inoar gear. It jubileum ta gelegenheid fan it 10-jierrich bestean fan it koar heucht de measten fan ús noch goed. It prachtige optreden yn Odeon mei meiwurking fan Gurbe Douwstra, Gerbrich van Dekken en de freonen. En it konsert ta gelegenheid fan it 15-jierrich bestean, yn gearwurking mei in Frysk sjongkoar fan de krite yn Lelystêd yn De Hoofdhof yn Berkum. En no fiere wy as selskip yn 'e mande mei it koar ús 125-jierrich bestean en it 20-jierrich bestean fan it koar. Wer mei meiwurking fan Gurbe Douwstra.

Sûnt 1988 set de delgong fan it ledetal him troch. Op dit stuit hat it selskip noch 92 leden. As it tij ferrint, moat men de beakens fersetse, is in Fryske siswize. Dat hawwe wy yn de ôfrûne jierren ek dien. Al jierren is der nei ôfrin gjin dûnsjen mear. Grutte en djoere produksjes kin brune net mear lûke. Der wurde gjin útsjes nei Fryslân mear holden. Der binne gjin tsjerketsjinsten mear. De ledegeakomste is opnaam yn it programma fan de earste middei fan it winterskoft. We binne ferhuze fan Odeon nei Urbana (no Loetje) en hâlde ús middagen, útsein it krystmiel, no al wer in pear jier mei in soad nocht yn De Weijenbelt. Wat bleaun is, is de ferlotting. Dy smyt elk jier inkelde hûnderten euro's op.

Op ús middagen komme no trochinoar sa'n 50 leden byinoar. Mei itselde doel as 125 jier lyn; it behâlden en trochjaan fan de Fryske taal en kultuer en it befoarderjen fan Fryske sin en wille by de Friezen te Swol en omkriten. Dêr is 125 jier nei stribbe en dat bliuwt it stribjen. Sa lang it Frysk Selskip Swol bestiet.

(ferfolch fan side 17)



Der waarden tsientallen moaie reiskes organisearre nei alle úthoeken fan Fryslân (fan Paesens-Moddergat oant Starum) en tweintich Fryske tsjerketsjinsten holden yn de histoaryske tsjerke yn Windesheim. De ledegearkomsten waarden oanklaaid mei lêzingen oer alderhande nijsgjirrige ûnderwerpen.

Yn 1980 stiene wy foar't earst mei in kream mei oranjekoeke, sûkerbôle en berenburg op de Hanzedagen yn Swol en letter op it saneamde strjiffestival en op Keninginnedei yn de tún fan it Provinsjaal Oerisels Museum oan de Melkmarkt. Mei folksdûnsjen en twa kear in ringriderij om de Onze Lieve Vrouwe ten Hemelopneming basilyk hinne.



Folksdûnsje by it Provinsjaal Oerisels Museum yn Swol



Twa kear op Keninginnedei in ringriderij yn it sintrum fan Swol




(ferfolch op side 19)

(ferfolch fan side 2)

Fan de oprjochting fan it selskip die de 'Provinciale Overijsselsche en Zwolsche Courant' koart ferslach. 'Gisteravond (8 Februari 1899) waren eenige personen samen in het Poolsch koffiehuis alhier ter bespreking der mogelijkheid om hier ter stede een vereeniging op te richten, bestaande uit leden afkomstig uit de provincie Friesland. Na eenige besprekingen werd een Friesch Gezelschap geconstitueerd bestaande uit 17 leden.'

En yn de krante fan moandei 27 febrewaris 1899: 'In de Nieuwe Stadsherberg werd Zaterdag avond in een druk bezochte vergadering van hier ter stede wonende Friezen het reglement vastgesteld van 't hier opgerichte "Frysk Selskip". Er zijn thans reeds 70 leden toegetreden.'



Byld om 1900 hinne fan wat no de Diezerstraat is.

De tredde winkel lofts is fan Zijlstra, dy't it inisjatyf naam ta de oprjochting fan it Frysk Selskip Swol. Zijlstra waard berne yn Jousterp, tusken Parregea en Tsjerkwert.



Jacob Zijlstra Hzn.

Yn dat reglemint, de **Rjuchten fen it Frysk Selskip "Swol"**, stiet yn it 1^{ste} rjucht it doel (wyt) fan it selskip: 'It wyt fen it Selskip is: it bioefenjen en ûnderhâlden fen de Fryske tael, en it befoarderjen fen Fryske sin en wille bij de Friezen to Swol.' Yn de karbrief (statuten) fan 10 novimber 2008 is as doel opnaam: 'It doel fan de feriening is de taal en kultuer fan de Friezen te behâlden en troch te jaan.'

Dat komt aardich oerien mei it doel dat yn 1899 foar eagen stie. It 'befoarderjen fan de Fryske sin en wille' is lykwols gjin doel mear op himsels. Dat hoecht ek net, want dy Fryske sin en wille ûntstiet fansels as wy in jûn of middei noflik byinoar binne.

(ferfolch op side 4)

(ferfolch fan side 3)

It 7e rjucht giet oer de ynlage. *'In lid betellet op syn minst f 1.00, in biginstiger op syn minst f 2,50. De earste helte wurdt ynfoardere yn Maert en de twadde yn Septimber.'* Twa kear yn't jier gie de boade, dy't men doe hie, by de leden lâns om twa kwartsjes op te heljen.

It earste jier waard f 174,44 ynbard en f 134,04 útjûn. Oan 'e ein fan it twadde jier wie it oerskot fan f 40,40 al wer ferdampt en wie der in tekoart fan f 36,63 ûntstien. In jier letter wie it tekoart noch f 31,25, mar oan 'e ein fan 1902-1903 wie der wer f 2,17 oer. It slagge lykwols net om út de reade sifers te bliuwen, want yn de jierren dêrnei rûn in tekoart wer op oant f 60,53 oan it ein fan it boekjier 1906-1907. Dat stiet yn 'e boeken as *'Bij overdragt van het boek debet gebleven aan F. de Herder'*. De Herder wie de earste ponghâlder fan it selskip en hy hie der nei alle gedachten genôch fan. Oant yn 1918 hie er noch wol in sit yn it bestjoer. Syn opfolger begûn dêrtroch mei in skjinne laai. Twa jier letter waard f 30,53 oan De Herder ôflost. De man hat oant desimber 1917 ta wachtsje moatten ear't de oare f 30.-- ôflost waard. Tsjien jier nei't er it tekoart foar syn rekken naam hie.

It opheljen fan de ynlage waard dien oant yn de santiger jierren fan de foarige iuw. Dêr wiene de bestjoersleden jûnen en jûnen mei ûnder de pannen. It wie faak in spultsje fan 'Kom de mar yn!' By it earste en/of twadde lid oan 'e kofje en by it folgjende lid in berenburchje ... of twa, want op ien foet kin men net gean. Doe't it ledetal fierder groeide waard oergien op akseptgiro's. Tsjintwurdich meitsje de leden op fersyk de ynlage oer op de bankrekken fan it selskip.

It 12^e rjucht is ek nijsgjirrich. *'In lid het 't rjucht op alle gearkomsten in frommeske mei to nimmen.'* It ropt de fraach op, wat hjirmei bedoeld waard. Want sawol manlju as froulju koene lid wurde (it 3^e rjucht). Litte wy ús mar net oan bespegelingen weagje.

Men kriget de yndruk dat it yn't earstoan in soarte fan sosjéiteit foar manlju wie. Mei de wurklist moast koart kriemd wurde, mar mei it kaartspyljen nei ôfrin koe it net lang genôch duorje. Mear as ien kear lit de skriuwer yn it ferslach witte, dat er de ein fan 'e jûn mar net ôfwachte hat. De lêsten setten soms tsjin fjouweren yn 'e nacht op hûs ta. Dêr krigen de froulju gau har nocht fan. It duorre dan ek net sa lang (fiif jier) as der kaam in frou yn it bestjoer. Oft de manlju doe earder op hûs ta setten, neamt de skiednis net.

(ferfolch op side 5)

(ferfolch fan side 16)

Fan 1988 ôf rint it ledetal linkendewei werom. It wjerhold it bestjoer der net fan om op 6 febrewaris 1999 it 100-jierrich jubileum gruts te fieren. Hiel Odeon waard ôfhierd, mei yn de foyer in grutte tentoanstelling oer de skiednis fan it selskip.

Middeis in offisjeel programma yn de skouboarchseal, mei taspraken (û.o. fan de deputearre foar kultuer fan de provinsje Fryslân), de presintaasjes fan it jubileumboek en it nije findel.

Foar twa ynstânsjes hie ús selskip in ferrassing. It selskip waard wer lid fan it Boun, dêr't it jierren lyn om finansjele reden foar betanke hie. En ûnder de leden wie jild ynsammele foar it opknappen fan it skûtsje fan Langwar. Beide ynstânsjes wiene der tige mei ynnommen.



It âlde findel tentoansteld

Dêrnei wie der tiid om de tentoanstelling te besjen en iterstiid mei in rynsk kâld en waarm buffet.

Jûns foar in hast folle skouboarchseal in optreden fan it grutte koar 'Auke Roukes' û.l.f. Hindrik van der Meer.

En in grutte ferlotting mei in draachbere televyzje as haadpriis. Tusken de bedriuwen troch spilen de mannen fan 'Wiltsje fan Paesens' de stjerren fan de loft en soargen dêrnei foar in feestlike stemming. De 'stive' Friezen lieten har alhiel gean!

Nei dat bjusterbaarlik barren hawwe wy noch in grut tal bysûndere en hiel moaie programma's hân. As hjir in pear neamd wurde, dan sizze de measten fan ús grif 'O, ja!' Bygelyks 'Wat Soesto', 'Feteranen' en 'De Emigrant' mei Freark Smink en (yn folchoarder), Klaasje Postma, Joop Wittermans en Theo Smedes, 'Te land, ter zee en yn Tersoal' fan Rients Gratama. 'Baas boppe baas' mei Rense Westra en Miriyem Manders, twa jûnen mei Teake vander Meer en Griet Wiersma, 'Krimp' en 'Kredyt' fan Gerrit Breteler mei Anke Bijlsma en Gerrit Haaksma, 'De man fan dyn libben' fan Arthur Japin mei Jan Arendz, Marijke Geertsma en Anke Bijlsma, it toanielselskip 'Hâld Moed' út Dronryp mei û.o. 'De Hogerhús saak' en 'Eise Eisinga', Hymphamp mei 'Op portret' en 'Dûbelportret', Noordenbos & KO mei û.o. 'Gjin C te heech' en gean sa mar troch. Te folle om op te neamen.

(ferfolch op side 18)

(ferfolch fan side 15)


It bestjoer rekke dêrtroch suver yn in oermoedige rite. Der kamen jûnen yn Odeon mei grutte produksjes fan Tryater (bygelyks 'Richard III' en 'De feint fan twa masters'), one-man-shows fan Rients Gratama ensafuorhinne.

'De feint fan twa masters' waard twa jûnen efterinoar opfierd yn de (lytse) Túnseal fan Odeon. Op ien fan de jûnen soe De Haagse Comedie yn de skouboarchseal de toanielfoarstelling 'Elvire Jouvart 40' spylje. Oan it begjin fan de foarstelling sei de haadrolspiler, Ton Lutz, dat it fanwegen de lûdsoerlêst fan de oare foarstelling, foar him as keunstner net ferantwurde wie om de foarstelling te spyljen. No gie it der by 'De feint fan twa masters' wol oan wei (spilers riden op in skûter troch de seal), mar sa healwiis gong it no ek wer net. Hawar, Odeon bea de 65 dupearden fan 'Elvire Jouvart 40' in busreis nei Sutfen oan, dêr't de foarstelling ek spile waard. Wy hiene der stille wille om. Foaral ek om't wy twa kear, mei 200 besikers, in útferkochte Túnseal hiene.



In boppeslach fan komsa wie de earste Fryske musical 'Mata Hari' mei û.o. Rients Gratama (as Adam Zelle) en Froukje Schaaf (as Mata Hari), dy't op 2 novimber 1990 foar 600 Friezen yn Swol en fiere omkriten yn de Buitensociëteit opfierd waard. Oer in weachstik praat!

De kosten wiene f 16.035,70 en de ynkkomsten f 11.310.--. It tekoart fan f 4.725,70 waard lykwols mear as goed makke troch de ynlage en de trije oaren jûnen. It boekjier, mei in totaal oan ykomsten fan f 38.370,11, waard ôfsluten mei in oerskot fan f 4.945,07.



Boppe Rients Gratama en Froukje Schaaf en ûnder in sêne út Mata Hari

Yn dy jierren wurke it selskip mei in jierlikse begrutting fan om ende by f 25.000.-- (€ 11.345.--). Yn dy fette jierren is reservearre foar de meagere jierren, dy't foarsjoen waarden. Dêr hawwe wy no profyt fan.

(ferfolch op side 17)

(ferfolch fan side 4)

Yn de earste jierren waarden de jûnen fold mei foardrachten fan eigen leden en foardragers út Fryslân. De eigen toanielploech stie ek gauris op 'e planken, foaral mei stikken fan Yme C. Schuitmaker, de ferneamde Fryske toanielskriuwer. De kriten yn Kampen en Meppel hiene ek in toanielploech dy't ek op ús jûnen spilen. Lykas ús toanielploech yn Kampen en Meppel spile en in inkelde kear by in krite wat fierder fan hûs.

Nei de Twadde Wrâldoarloch kamen ek selskippen út Fryslân nei Swol. Under oaren it Selskip Tetman de Vries, Selskip De Jounpratens fan Lammert Popma (de eardere foarsitter fan ús selskip), Rients Gratama, Selskip Leo Dykstra, kabaret Samar, Leny Dykstra, it beropstoanielselskip Tryater en ferskate toanielselskippen út de eare- of earste klasse fan it Fryske toaniel.

Dat Friezen om utens wol fan in feestje hâlde, blykt ek út argyf. De pogramamboekjes fan de earste feestlike gearkomsten ta gelegenheid fan jubilea (1909, 1919, 1924, 1929) soene hjoed-de-dei net misstean.

Bygelyks dy fan 1909. Op de middenside it programma, de teksten fan de (feest)lieten, de 'List fen it Dounsjen' en grôtfol mei advertinsjes. En mei: 'Min wurdt frjeunlik forsocht for it dounsjen net te smoken.' Dûnsjen betsjutte yn dy jierren folksdûnsjen; Fryske trije, Rériders-dûns, It fjouwerkantsje ensfh. Tweintich Jier letter steane de Skotse Trije, Charleton, Krúspolka, Véleta en Dútske Polka ek op 'e dûnslist.



Programamboekjes earste fjouwer jubilea

In skotsploech hat it eins nea lang úthâlde kinnen. Dochs waarden de Skotse Trije, Véleta ensfh. oant yn de santiger jierren fan de foarige iuw nei ôfrin fan in jûn noch wolris dûnse.

Yn 'e simmer fan 1912 hold it 'Boun fen Fryske Selskippen bûten Fryslân' (de foarrinner fan it hjoeddeiske Keninklik Fryske Boun om Utens; koartwei it Boun) in feestlike gearkomste yn Swol. Dat wie in hiel o heden.

(ferfolch op side 6)

(ferfolch fan side 5)

Sneontejûn yn Odeon in grôtfol programma, mei û.o. in optreden fan it Swolske Sjongkoar en it toanielselskip 'Yme Schuitemaker' fan Swol en nei ôfrin dûnsjen. De oare moarns kaam men yn Odeon wer byinoar foar in kuier nei it 'Ingelske Wirk' en 'Katerfear' en dêrwei in boattocht oer de Isel en in besyk oan Hattem. It feest waard ôfsletten mei in mienskiplik miel yn Odeon.

Hjoed-de-dei hjit sa'n grutte lanlike gearkomst 'Friededei'. Yn 'e mande mei ús 110-jerrich selskip waard sa'n dei op 28 maart 2009 troch it Boun yn de Buitensociëtië holden. In skotsploech en alle koaren en toanielselskippen fan de krite om utens wurken der oan mei. En jûns in optreden fan Rients Gratama en Peter Sybenga (piano). It feest heucht guon fan ús grif noch wol.

It blykt dus, dat ús selskip yn de begjinjierren al in skotsploech, in sjongkoar en in toanielploech hie. It sjongkoar en de skotsploech waarden in pear kear opheft. Mar like faak ûnstie in jiermannich letter de rop om it noch mar ris te besykjen.




It 10-
jierrich
Frysk
Sjongkoar
Swol yn
2013

It Frysk Sjongkoar Swol dat no bestiet hâldt it lokkich al in hiel skoft út; 21 jier! Wy genietsje der elke kear fan as it koar foar ús optreedt. Op nei it 25-jierrich bestean!

De toanielploech hat it oan 22 maart 1991 folholden. Doe stie de ploech foar de lêste kear yn Odeon op 'e planken mei it stik 'Ald boartersguod' fan Chiem van Houweninge. It bestean fan de ploech is perfoarst net as in nachtkears útgien, want dy lêste foarstelling wie in boppeslach.

(ferfoch op side 7)

(ferfolch fan side 14)



De lêste rigels fan it lêste 'skreaune' jierferslach 1970-1971.

'Mar dêrmei is it foar dit jier dan út. Op 27 maart komt noch de deklamatriese frou Van der Kuur. Wy binne tobek fallen op de lytse manegeseal om hwat jild oer to hâlden foar it oare jier. Hoe't dat wurde sil, moat bipraat wurde op de lede gearkomst fan 25 febrewaris. Yn forban hjirmei wurdt dit jierforslach earder ofsluten as gewoan.'

Der kamen ferneamde toanielselskippen nei Swol. It beropstoanielselskip Tryater en oare semi-beropsselskippen en amateurselskippen út de eare- en earste klasse fan it Fryske toaniel. It selskip libbe as in hart. It systeem fan in lytse ynlagje en in tagongspriis op 'e jûn, dêr't de gemeente dan wer 'vermakelijkheidsbelasting' oer hefte, feroare yn it systeem dat wy noch altyd hawwe; in hegere ynlagje mei oer it algemien fergees tagong op 'e jûnen/middagen. De opgong en de tarin fan nije leden sette oant yn 1988 troch, doe't it 500^{ste} lid ynskreaun waard.

Suisse wie ûnderwilens te lyts wurden en de jûnen waarden wer yn Odeon holden. Mar op 4 febrewaris 1986 wie der in jûn yn de grutte seal fan De Kroon, de bioskoop yn de Diezerstrjitte, dêr't it selskip de film 'De Dream' (oer de Hogerhûs saak) draaie liet. It wie in finansjeel weachstik, dat lokkich hiel goed útpakte.

(ferfolch op side 16)

(ferfolch fan side 13)

Binne Friezen dan fan bûgjend frjemd, of binne hja koart foar de kop? Dat lêste soe men al sizze as men lêst, wat der yn 1918 barde. Der wie wer in koar oprjochte en de koarleden fregen fan twa fan harren in sit yn it bestjoer. Dat joech in soad reboelje en by eintsjebeslút stapte it hiele bestjoer op. Der kaam in nij bestjoer, oanfolle mei twa leden fan it sjongkoar. No hawwe wy al jierren twa bestjoersleden, dy't ek (bestjoers)lid fan it koar binne. En wy kinne it och sa skoan mei-inoar fine.



It bestjoer yn 2024

f.l.n.r.

*Henk Monkel
Jan Bosgraaf
Annet Nieuwenhuis
Jolanda Lootens
Jan Tjerk Kuipers
Sjoerd Bakker*

It bliuw yn dy fyftiger- en sechstiger jierren fan de foarige iuw skrabjen om 'e kant. It wie in spultsje fan fisk noch fleis. It ledetal woe mar net omheech en gauris wie der jildkrapte of in tekoart.

Mar tiden hawwe tiden. Yn de ekonomysk opgeande tiid fan de santiger jierren fan de foarige iuw krige it selskip de wyn yn 'e seilen en dêrmei ek mear finansjele earmslach. Dat wol net sizze, dat it seil heger lutsen waard as de mêst, mar der feroare wol dúdlik wat yn de programmearring.

De jûnen waarden net langer yn Odeon holden mar yn Suisse. *'It bistjûr forwachtet dat ús jounen der better ta har rjocht komme sille. De seal is hwat lytser en ús tinkt dat de sfear dertroch hwat smûker wêze sil.'* Dat skreau it bestjoer yn it earste nûmer fan it ledekrantsje, dat yn 1971 foar it earst by de leden yn 'e bus foel. Mei fiif krantsjes yn it jier is dit dus it 264^{ste} krantsje.

(ferfolch op side 15)

(ferfolch fan side 6)

De earste keatsklup, oprjochte yn 1916, hat it ek net rêden en it keatsen lei jierrenlang op 'e rêch. Yn 1962 wie it lykwols wer safier. Doe waard de 'Keatsclub Swol' oprjochte, dy't los stiet fan it selskip. In pear jier lyn fierde de klup it 60-jierrich bestean mei moaie keatswedstriden op sportpark De Pelikaan yn Swol.

Ta gelegenheid fan dat 10-jierrich jubileum yn 1909, waard in findel oantúgd. Om it meitsje te litten waard troch de leden grou fyftich gûne ynsammele. Yn 'e rin fan de 20^{ste} iuw wie it findel in hiel skoft poater, mar yn 1984 kaam it by in solderopromming fan Odeon wer foar it ljocht. Yn 1999, by de fiering fan it 100-jierrich bestean kaam der in nij findel foar yn't plak, dat, as it kin, op ús gearkomsten ophongen wurdt.

Nei alle feestlike gearkomsten ta gelegenheid fan jubilea, brutsen yn 'e tritiger jierren fan de foarige iuw nuodlike tiden oan. Yn de foaroarlochske krisisjierren wie it jild krap, ek by de Friezen yn Swol. Ein 1933 hie it selskip noch mar 46 leden. Der waard besunige op it programma. De seal fan Wientjes wie goedkeaper as Odeon. Der waard gjin boade, dy't de ynlage ophelle, mear yn tsjinst naam. Frjemd is lykwols, dat de ynlage mei ien gûne ferlege waard. Hawar, geandewei kamen der wer leden by. Yn 1937 wiene der 60 leden.

Rillegau dêrnei kamen de oarlochsjierrren 1940-1945. Op sneintemiddei 19 april 1942 waard 'Kening Skaek' fan Abe Brouwer opfierd troch in karploech fan leden fan selskippen fan it Boun om Utens. Dêrta hie it bestjoer wol frageformulieren foar de 'Kulturkamer' ynfolje moatten. Oars koe it net trochgean. Nei de oarloch namen de leden it bestjoer lywols kwea ôf, dat dy kar makke wie. Al hie it bestjoer fuortdaliks nei de útfiering berjocht oan de 'Kulturkamer' stjoerd, dat alle leden betanke hiene en dat it gjin sin hie noch stikken te stjoeren

Woansdei 12 septimber 1945 wie der foar't earst nei de oarloch wer in gearkomste yn Suisse yn de Luttekestrjitte. *'De earste gearkomste nei it frij-wirden fen ús lân en ús folk. 't Wie bûtengewoan, dat koe min oan alles merke. Forskate leden dy't mekoar sont April '42 – dos yn 3½ jier – net sjoen hiene! Oeral foestkje en mei alle gearre om bar. Alle gearre blide gesichten!* Sa begjint de skriuwer it wiidweidige ferslach fan dy gearkomste. It selskip krige de fuotten wer ûnder it gat. Yn 1947 wiene der 170 leden. De ynlage wie f 3,60 yn't jier.

(ferfolch op side 13)



Fries om Utens

*Oh ja 't is wier, ik fiel my hjoed
Hiel oars as oars, begryp my goed
Myn hûs stie oeral op'e wrâld
Gjin plak wêr't ik sa fan hâld*

Dit bekende liet stiet û.o. op in cd fan it Shantykoar Rolling Home. En it stiet op it repertoire fan it **Frysk Sjongkoar Swol**. It koar dat mei in soad nocht en wille al 21 jier alderhande moaie Fryske lieten sjongt.

Elk dy't sjonge wol, kin lid wurde. Men hoecht de Fryske taal net iens machtich te wêzen. As der mar yn it Frysk songen wurdt!

It koar fersoarget sa no en dan in optreden en ienris yn't jier hawwe de leden in útsje nei Fryslân. Tidens dat útsje sjongt it koar mei in soad foldwaning ek yn in fersoargingshûs earne yn Fryslân. Yn 'e simmer komme de leden byelkoar foar in gesellige midsimmermoeting.

Freedtemoarns om 10 oere repeteart it koar yn it Moetingsintrum 'Het Anker', Voorsterweg 36, 8042 AD Zwolle (Westenholte).

Elk dy't fan sjongen hâldt is fan herte wolkom by it koar. Want sjongen ferbynt minsken en makket minsken bliid. Net allinne de sjongers. Ek de taharkers.



Kom earst mar ris nei in repetyasje.
Dat jout fierders gjin ferplichting.

Nim foar mear ynformaasje kontakt op
mei ien fan dizze minsken

Douwe Boersma	foarsitter / skriuwer	0523 656802
Jolanda Lootens	ponghâlder	06 47585240
Jelma Wiegersma	diriginte	06 19506520



(ferfolch fan side 7)

Mar de opgong sette net troch. It ledetal bliuw stykjen en op jiergearkomsten eamelen de leden oer hege sealhieren en de kosten fan artysten. De ledegearkomste woe hawwe, dat de ynlage net heger mar leger wurde soe. Dan soene der grif mear leden komme, wie de redenaasje. De legere ynlage kaam der lykwols net.

Der wie ek wer ris in bestjoerslid liik fuortrûn en de skriuwer hie ek skjin syn nocht. 'It baenstje fan skriuwer kin om my stellen wurde.', skriuwer er yn it ferslach. No hiene de skriuwers it kenlik dochts swier yn dy tiid. Want earne oars yn de oantekens klaget de skriuwer: 'Guon dogge op de ledegearkomste gjin mûle iepen, mar in pear oaren hawwe de bek yn beide hannen en ik moat alles mar opskriuwe.' Men soe hast begrutsjen mei de man krije.



*It bestjoer yn
1934*

f.l.n.r.

*T. Tilstra
J.C. van
Wallinga
H.S. Sybrandi
T. ter Beek-
Rinsma
H. v.d. Woude*

Yn de fyftiger jierren fan de foarige iuw die wer ris bliken dat guon Friezen fan bûgjend frjemd binne en dêrtroch net sa geskikt om mei oaren gear te wurkjen. Yn dy tiid wie it wenst dat de Friezen in delegaasje fan de Grinzer en de Drintske feriening yn Swol útnoegen foar de toanieljûnen. De Friezen giene op har bar nei de Drinten en de Grinzers. Mar op in kear rûn it speak. Op in jûn fan de Grinzer feriening hie de Fryske delegaasje by it toaniel wol reservearre plakken, mar by it dûnsjen-nei net. Dêrmei wiene de Friezen bot op 'e teannen trape en hja giene liik nei hûs.

(ferfolch op side 14)

It Nijs is de digitale nijsside fan de Ried fan de Fryske Beweging. Mei in nijsgjirrige seleksje út it wrâldnijs, it nijs út Nederlân en út Fryslân. Alderhande ûnderwerpen, kwestjes en tema's komme foarby. Kultuer, mienskip, wittenskip, opiny (mei aardige kollums), sport, ferdivedaasje en it waar.

Der binne grif wol leden fan ús selskip dy't *It Nijs* alle wiken yn de mail tasjoerd krije. Der kinne lykwols noch folle mear by, want it is digitaal en ... **fergees!**



Wêr fine jo soks hjoed-de-dei noch? De Ried fan de Fryske Beweging sil bliid wêze mei mear lêzers.

Nijsgjirrich wurden? Gean dan gau nei www.itnijs.frl en jou jo / dy op!



FERIENING FREONEN FAN OMROP FRYSLAN



De **Feriening Freonen fan Omrop Fryslân** (FOF), is de stipersferiening fan de Omrop, dy't stribbet nei in goede publike Fryske Omrop foar radio en telefyzje. FOF soarget foar ynformaasje oer Omrop Fryslân en stipet Omrop Fryslân by syn doelstellings en aktiviteiten. FOF hâldt kontakt mei har leden fia it ledeblêd Each en Ear. Yn 'e rin fan it jier binne der ferskate aktiviteiten en eveneminten dêr't leden oan meidwaan kinne. Sjoch op 'e webside www.omropfryslan.nl/freonen of wurdt 'facebookfreon'.

De ledebydrage is op syn minst € 9.-- yn't jier.

Wa't ek **FREON fan Omrop Fryslân** wurde wol, kin belje nei 06-43903180. In mail nei freonen@omropfryslan.nl en oanmelde fia de webside kin ek.

Gurbe Douwstra

Inkele lieten fan steane steefêst yn dy't alle jierren Fryslân gearstald útstjoerd wurdt. Ien lieten, 'Cliffs of Friesen' en 'As it ek yn de Top 100 De ferzje fan 'Lit mei de band 'De



Foto: L. Hamstra (rtvnof.nl)

Gurbe Douwstra de Fryske Top 100, troch Omrop en op âldjiersdei fan syn bekendste Moher', stie jierren 'Lit jim gean myn tiid is' steane fan Fryske lieten. jim gean Friesen' Doelleazen'

klinkt by elke thúswedstriid fan sc Heerenveen as de spilers it fjild opkomme en dêrnei it Frysk Folkliet. Dêr tsjinoar stiet 'As it myn tiid is', dat aloan faker by útfearten te hearren is. Op nûmer 1 stean fynt Gurbe net sa wichtich. 'Dat minsken in sterk gefoel hawwe by in tal fan myn lieten, dat docht my wol in hiel soad.', seit er yn in fraachpetear mei Friesland-Post. Dat jildt bygelyks ek foar it liet 'Heit' en 'Foar ivich farwol'. Foar syn show '70' (Gurbe waard 17 febrewaris 70 jier), dy't er dizze moannen rûnom yn Fryslân spilet, skreau er spesjaal it slotliet 'Romte'. 'Ik hoopje, dat it boadskip dat ik dêryn opnommen haw, wat mei de minsken docht.', seit Gurbe dêroer yn it fraachpetear.

As jonkje harke Gurbe Douwstra al in soad nei muzyk. Foaral doe't er yn stee fan de 'draadomroep' in echte radio kaam, gie er in muzikale wrâld foar him iepen. Op syn keamer hie er al gau in ynstallaasje en syn jild gie op oan singeltsjes en elpee's. Doe't er thús fertelde, dat er sjonge soe yn de skoalleband, lake ien fan syn susters him út. Sjonge? Do? Wie har reaksje. Syn sjongkarriêre kaam lykwols folle letter. Nei't er in tal jierren as joernalist by ferskillende kranten wurke, stapte hy oer nei de radio; doe de RONO, no Omrop Fryslân. Sânentritich jier hat er radiomakker west mei û.o. programma's as Muzyk yn bedriuw, Matinee en Radio Froskepôle. Yn maart 1999 (25 jier lyn) spile Gurbe in pear kear solo. Syn earste jûnfolgjende programma spile hy yn Markzicht yn Drachten. Dêr waard goed op reagearre. It wie it begjin fan in lange karriêre, dy't him ta ien fan de bekendste Fryske trûbadoers makke.

Wy binne der tige mei ynnommen dat Gurbe Douwstra mei syn lieten in bydrage oan de jubileua fan ús selskip en it koar jaan sil. Wy sjogge der no al nei út!

Freed 15 maart 2024 14.00 oere (ynrin fan 13.00 oere ôf) yn 'De Weijenbelt'

Campherbeeklaan 82, Zwolle

FEESTLIKE JUBILEUMGEARKOMSTEN

MEI

Frysk Sjongkoar Swol & Gurbe Douwstra



Optreden fan it Frysk Sjongkoar Swol yn it tsjerkje yn It Heidenskip

It koar stiet ûnder lieding fan Jelma Wiegiersma. Muzikale begelieding troch Sylvia Joustra (piano)

Op it programma steane:

Simmermoarn

Te maaie

Frysk Hynder

Wolkom freugde fan 'e wrâld

Hoe soe ik net fan Fryslân sjonge?

Fries om utens

As de wyn der net wie

Maten kom

Oade oan 'e Ie

Silersliet

Fryske sang



Gurbe Douwstra fertelt en sjongt dizze middei in tal fan syn bekende Fryske lieten lykas 'Cliffs of Moher', 'As it myn tiid is', 'Lit jim gean Friezen' en noch folle mear.

En foar it publyk noch in ferrassing

EN ... DER IS DIZZE MIDDEI IN FERLOTING MEI FEESTLIKE PRIZEN !!!